

By 't fierder gean.

Né, it jier 1924 hat for ús Selskip net in ljocht en ryk bloeiend jier west. Dûnkerens fen wêmoed polsket om yn ús siele.

Forskate saken moatte it in ernstich minske, dy't it mei syn Christen-wêzen mienen is, flymjende sear dwaen. En it kropet yn him op: moat it stjerjier fen ús earste Foarsitter ek it weiwurden fen piëteit en weardearring biliede?

Den seit yens herte: né, dy kant moat it net op. Hjarren, dy't ús foargyngen yn it Christenfries wêzen moatte wy yn tankbre oantins hâlde. Dat is Bibelsk. Dat is minsklik.

Hjir den ek in wurdt fen ynlike tank oan Dominé fen Dyk, ús ôf-giene Foarsitter, dy't fjouwer jier de Selskipslieding hie. Elts dy't syn golle frjeonskip to weardearjen wit, moat it moeije det dizze man de wyk naem for in geast dy't yn ús Christlik Selskip net thús heart.

Teffens bitinke wy hjir master Kamerling, dy't sechtsjin jier oan-ien, dos fen 't bigjin ef oan de Selskipssaken bihurtige hat op in wize, dy't net himsels nei foaren brocht, mar wol de rjuchte gang yn 'e saken wist to hâlden.

Scoe it to forwachtsjen wêze det elts-en-ien it mei hjarren skôging oer it ein-ideaal fen ús biweging iens wêze moast? Mar dy't it net mei hjar iens is, heart dochs, scil er himsels net blamearje, mei greate tank oan hjar libjen for ús striid to tinken.

Ho komt it nou mei ús? Scille wy nije banen yngean? Scille wy de wjukken safier út slaen, dat hiel it Fryske mêd der hearlik fen oerskade wurdt? Scille de jongeren it wurk fen de âlderen forbetterje?

Ik haw der net folle moed op. Dy't in setsje meidien hat, wit, det sa faek nije krêften op kommen liken, mar dy waerden ek measten-tiids hommels wer wei. Hwet is 't in bidroefd inkeld dy't oerein bleaun is dizze sechstjin jier fen ús bistan. Wy scille den ek mar net fen greate dingen opsprekke. Dat foeget ús net, it forline jowt der gjin rjucht op, it scoe meiskien forwachtings wekker meitsje, dy't daliks lang net yn forfolling komme, it scoe in optillen wêze fen 'e wale dy't foar de takomst hinget, dêr't wy ús hannen net nei útstekke meije.

Sa 't nou stiet binne wy yet gjin greate en machtige mannen ryk

dy't ús it Christenfryske wurdt yn suver sizzen oan 'e siele bringe.

Dochs hâld ik bitrou det God it wurk det hy yn ús tiid bigoun hat, net forlitten, mar op Syn tiid it gebou fierder foleindigje scil.

Op dit stuit keare ús tofolle dingen op.

Dêr is ús eigen lytsens. Us min ynsjuch. Us ûntrochtchens. Us net bigripen fen it ideaal. Us net witten fen de wei hwer't it ideaal lâns yn werlikheit om to setten is.

Meitsje wy genôch stúdzje fen de fragen de Fryske biweging oangeande? Witte wy genôch fen 'e skiednis fen ús lân yn forbân mei it Nederlânske Ryk? Fen de wei dy't men ynslaen moat ta sa'n omkear, det it Frysk yn ús libben wer it folslein-hearskjende plak kriget? Ja, is ús eigen libben wol rjucht en suver Frysk?

Sa steapelt him de iene fraech op de oare, as men de konsekwinsjes fen ús biweging trochtinkt. It giet sa mar net om it hûs, dat de skiednis optristen hat, ynienen om to keilen en der in oarenien foar yn 't plak to stellen. Dêr moatte tiden en tiden oer forrinne. Ek, al seit men, yn 't skiednis is lang alles net gien sa 't moast.

Dêr is ús ûnriedigens. Wolle al ús leden op itselde ideaal ta? Wolle wy allegearre deselde wei op? Is ús aksje net faken in aksje tsjin elkoarren? Meitsje wy alle krêften op 'e rjuchte wize mobyl? Wit elk syn tiid en syn plak? Wirdt gjin wurkers tobektreaun en totrape? Wirdt der oer eigen dwaen net to lûd roppen? Binne der ek net gûds dy't yn hjar swijen hjar lijen forkropje?

Dêr is ús ûndjippens. Wirdt der wol genôch for ús saek bidden? Kin it minmeitsjen fen de evenminske, dy't de saek in bytsje oars sjucht en docht as wy it winskelik achtsje, foar Gods antlit bistan?

Dêr is ús ûnsuver dwaen. Moatte wy net better skriuwe en dicht-sje? En den positiver? Der moat mear in jaen wêze oan ús literatuer as in freegjen. 't Bigjint der op to lykjen det ús intellektuêlen op 'e gewoane man delsjugge. Dat mei sa net. Elts for syn part is in Fries, itsij mear ef minder ûntwikkele, lit elts de gave fen Heger hân krigen op 't rjuchte bisteegje ta heil fen Christlik Fryslân. Yn ús tiidskrift moat God great makke wurde, en it Christlik gelove him uterje.

En ho scil it mei de lieding? Dy mei net oars wêze as yn de spoaren dy't Gods wurdt ús oanwiist. Dy moat stean yn it teiken fen it Christlik gelove. En den leau ik noch altiten det yn ús isolemint ús krêft lizze scil.

Us Selskip as sadanich stiet op it gebiet fen de algemiene genade, mar de partikuliere genade moat him hjir altyd weroan oppenearje, scille wy ûnder de suvere bisieling bliuwe fen Gods Geast. As dy Geast yn ús wurket, ús oan Christus forbynt, den scil hiel ús opkommen for eigen folk en eigen tael it rjuchte karakter drage. By 't fierder tsjen moate wy gean yn Gods krêft, lyts fen ússels tinkend, en libjend yn 't djippe bisef det it God allinne is, dy't segen jaen kin. Hy scil 't ek dwaen. Mar op Syn tiid.

Hwer't ik ek heil yn sjuch?

Yn it rjuchte foarbyld, yn it yen suvere jaen for de Fryske sack. Net om yensels. Net om in namme. Net om eigen eare. Mar om't God it fen ús freget. Mar om de saek dy't wy tsjinje. Yn 't dimmene lústerjen nei Gods stimme. Yn 'e Natuer. Yn 'e wolkems dy't oer ús holle driuwe. Yn 'e blauwe ûneindichheit. Yn 'e riizjende moarn-tiid. Yn 'e laitsjende middei. Yn 'e stille jounfrede. Yn 'e eigenens fen ús Fryske fjild, ús Fryske gea, ús Fryske herte.

Mar ek mei it bûgjen for de sprake dy't útgiet fen 'e Hillige Skriften. As wy ús psalmen sjonge yn fryske wurden, as wy it Fryske Nije Testemint ris op ús tafel lizze kinne, en dêr mei yn ienklank ús geastlik libben uterje, ús bea en tank nei de Himmelheit opstjûre, sjuch, den geane wy in ljochtsjende takomst tomiette.

Och, by soks falt de frage: ho fier scille wy gean yn ús striid for 't Frysk? alhielendal wei. Wy geane sa fier as it Christlikfryske geastlik libben fen ús freget. En den komt it oare fensels. It lytse foeget him wol nei 't greate.

Lit ús, lytse minsken mei ús lyts gedoch, mei ús ûnfolsllein wirk, ús den ek foege, ús deljaen by de rêst, dy't der is yn heech idael, en ús ta striid jaen yn 'e witnis det it paed om dêrta to kommen sa lang wêze scil det al ús krêft dêrta opfrege wirdt.

En ús lean is weilein by de Heit yn 'e himel.

Mei Hy ús wirk lokke litte.

A. M. WYBENGA.

mei de rêch yn 'e wyn op, en liet stadichoan it bod ôfrinne. Do't er tochte fier genôch to wêzen, hâldde er op en loek it tou strak. „Los!” rôp er, en mei-iens sette er it op in draven. Dêr gong it wûnder de loft yn, stadich oan. Efkes hâldde Jelle de pas yn, om him fiere to litten, mar do bigoun de stiger rêd to sakjen. „To swiere stirt, jonges, der moat in hyphap ôf,” sei Jelle. Jan krige it mês út 'e bûse en fyksele der in gnap stik ôf. Nou is er to licht, tochten de oaren, mar hja hâlden hjar stil, it scoe aenstouns wol útwizing dwaen.

't Like earst goed to gean. Daliks stiegde de draek omheech, tige heech. Wilewarljend bleau hy dêr efkes stean. Mar do wier 't forgoed mis. Hommels bigoun hy hinne en wer to skaeijen en to swaeijen, mei in swang kaem er del en sloeg op 'e kop yn 'e groun.

As wylden draefden de jonges op him ta om to sjen eft er him ek biseard hie. Jelle dy't him it earst to pakken hie, biseach him oan alle kanten. „Ik leau, hy is yette goed fen syn loftreis ûntkommen,” sei er tsjin de oaren dy't der oan hymjen kamen, „mar hy is to licht. Der moat in paltsje gêrs oan.”

Lit him nochris op, Pibe,” sei Jelle, do't oan syn winsk foldien wier.

Dizz' kear gong it goed. Leadrjucht stiegde hy yn 'e hichte. Jelle liet him fiere, stadichoan. Hy gong der nou mar in bytsje by lizzen. De oaren kamen op him tadrafkjen.

„Tsjonge, hwet stiet hy heech!” stinde Durk. Moai sa, hy wier bliid det hy laei. 't Wier waerm, hear! Mei de mouwe fen syn kyltsje fage hy him it swit ôf.

Wirdt foarset.

Nachtmel.

1. Oantinken.

Nou tink ik oan in ljochtrânnige wolkenjoune, dêr't in dûnkere nacht op folgje scil.

Hja wierne by hjar Harder gearhokke, en de skiepkes wierne sa skruten yn opsjuch; it tsjustere barren fen oanweagjende tiid parse del op hjar siele. Dochs hompten se noch mei wraemjende stjitten fen de measte wêze to wollen op eltsarren yn. En it flime de

Master. Djipper wist er wer de needsaek om hjarren to forlosjen út dûnkere sûndemacht. Tsjinjen moasten hja leare en hy scoe hjarren it foarbyld jaen. It foetwaskjen byld fen it dimmene bûgjen.

Al den dei hied Er Gods grime droegen yn 't swaksleine flêsk, — djipper yet scoe hy domplje yn hellemachts bittrens. De nacht fen Gethsémané, it krús fen Golgotha! Syn lea scoene bloed switte, en syn siel scoe fen God forlitten wurde. In weltige mokerslach — it hânsel wier al yn 'e hichte! scoe in skied spjalte bitwiske Heit en Soan; nacht fen leedzje, dêr't fliming fen toarnekroane en snijing fen neildriuwn yn hân en foet in sêfting fen lijen by wêze scoe.

Djip rûsde it yn syn siele: folgelingen, dat is om jimme, jim fordoarnens, jim wiken fen wierheit, en 't opstean tsjin Him dy't hillich jim skoep. Yn jimme, dea fen natûre, moat sûndemacht britsen, en 't libben fen de Ivichheit ljochtsjend wer waechsje. 't Himelske brea moat jim spize, en de wyn út Gods bikers jim drinken wer wêze, libbend wetter for de brânnich toskroeide siele.

Mar it brea moast britsen ta sêdding, de wyn útgetten ta toarstfordriuwing. Dat is de forskoerring. En it gearnimmen.

„Berntsjes, nim en yt, dat is myn lichem, it brekken is om jimme. Drink fen 'e wyn, it is myn bloed, útgetten for forskaten. Alle ûren fen myn libbenstiid wierne tsjuster om jimme, lit My bliuwe yn jim tinken, al jim stounen op ierde. Dwaen dit fierders, lit alle folken it witte fen myn dea yn 'e djipten, sa faken jim ite fen ditsoarte brea, sa dikmels jim preauwe dit bloed út 'e wyngert, sa moat dit jim wêze oantinken oan My.”

2. Rémeitsing.

Dizze wike is der in hillich tobekskriljen oer myn siele tein. Dûnkrens oerdiel myn herte, dat snokkert nei ljocht, en beevjen troch-sipere myn ynlike wêzen, dat skieding fiede, en ienklank socht.

Dy doar ming! 't Is om myn sûnden.

Heit yn 'e himel, Jy binne yn 't wird: sa ljeaf hie God de wrâld, det Hy Syn ienichberne oerjoech.

Mar ik jow my net oer. Ik joech de tsjinst fen myselme, fen eigen heechheit en sûndebikoaring net oer. Haw ik net delhompt en stitsen mei drystens, dy't broerren my wierne nei lichem en geast? Yn fordoarnens bin ik fierder doar me en it ljeaflike lokjen fen 't himelske lûd ketste ôf tsjin de skoatlinge fen myn hirdens.

Dochs bleauwen Jy roppen: toskroeiden, kom, en hûngrigen, neirje, en toarstigen, drink út myn djipten.

Scil ik gean?

Mar Jy hjitte it my. En de ljeaflikens fen de Heilân noget.

Ho scil ik komme? Is myn brilloftsklaed ré? Is it waternôch? Bin ik reindernôch ta it reine?

Jy sizze, det Jy dêr net nei freegje.

Jow my den it hillige klaed; Heare, tsjen sels my it oan.

Sa scil ik gean. Yn bidêstens. Mei in skriemend herte en in long-rjende siele.

Sa scil ik gean. Dat is rêst. Dat is Kanaän. Dat is it himelske Jeruzalim. Dat is follens fen genede.

Djipe fen opmerken, silligens fen sjen wolle Jy jaen. Lit my mear fiele jins ûntfermjnen. Jins trouwe. Jins ljeafde ta jins byld op ierde. Stiltme. Fisioen.

3. Oansitten.

.....

Nou is der blidens oer myn eagen. Klearens yn myn geast. Ljochtsjen fen pearlegloed út hillige sealen. Goudene strjitten flûnkerje yn himelsêft ljocht. Gjin sinne, gjin moanne noch stjirren. Godsels is it skynsel en it Laem de kêrse. De Woartel út Davids slachte, de blinkende Moarnstjirre, de Helt oer sânde en Dea. God út God en Ljocht út Ljocht.

Bûgjen fen blidens. Mids Gods útkarden. Ien fen hjarren to wêzen, ynboun yn it bondelke by dy't it libben smeitsje. Hjir is de mienskip fen 'e hilligen. Allegear ien yn 't gelove. Hjir is alle lytsens weifallen, om't de sânde wei is. It lyknis fen God yn hearlike glâns. Great yn 't broer en sisterwêzen fen Gods Soan.

As bern. Berntsjes fen 'e Himmelheit, dy't mei ite fen 't hillige brea en drinke de Godlike wyn.

It wierne de earmen en forachten, dy't Jy útkard hiene. Oan bern-tsjes ha Jy de hearlikheit iepenbiere. Rêst yn hjar herten, ivige Sabbat yn dit libben bigjinnen.

4. De wrâld yn.

„Heit yn 'e himel, nou is de ûre kommen, forhearlikje Jou Soan, den kin Jou Soan Jo ek forhearlikje. Ik haw hjar Jou Wird jown, it ivige Wird, it wird fen frede en rêst en genede. De wrâld hatet

hjar mei fûleindige hate, om't hja net fen 'e wrâld binne, lyk ik fen 'e wrâld net bin.

Ik bid net det Jy hjar út 'e wrâld weinimme, mar det Jy hjar biwarje for de Kweade. Hja binne net fen 'e wrâld, lyk ik fen 'e wrâld net bin.

Hilligje, lotterje, suverje hjar yn 'e Wierheit: Jins Wird, hearlike iepenbiering fen skepselljeafde, is wierheit en fêstens. Ik hilligje my for hjarren, om hjar to lotterjen yn 'e stream fen wierheit, dy't floeit út 'e ivige boarnen. Op hjar wird scille mannichten yn my leauwe; bring hjar ta ienens, likerwize Jo, o Heit yn my, en ik yn Jo; det hja ien wêze meije, dat de wrâld it wit det Jy my stjûrd hawwe. Yn Jins hearlikheit ien, lyk wy ien binne, ik yn hjar, en Jy yn my; lit hjarren folslein wêze yn ienheit. Lit de wrâld witte det Jy my ljeafhawn hawwe fen aller ieuwen ivichheit ôf, ljeafhawn for it grounlizzen fen 'e wrâld."

Amen, Jezus.

A. M. WYBENGA.

De man mei de houn.

Dêr wier'is in man, dy in houn hy. Dy woe hy fordrinke. Dêrom naem hy it bist mei nei in greate sleat. Yn 'e sleat laei in boatsje. Hy sette de houn yn 't boatsje en faerde dêrmei yn 't midden fen 'e sleat. Dêr smiet hy it bist yn 't wetter. Mar dit kladdere út it wetter wei by it boatsje op. Do 't de man dat seach scoe hy it bist mei in stôk yn 't wetter stompe. Mar hy rekke sels yn 't wetter. Do holp de houn him hwer út de sleat. Sadwaende woe de man de houn nea hwer forkeapje.

Master D. Hekstra fen Moarmwâld jowt ûnder allen ek Fryske les to Kollumersweach oan 'e skoalbern. Hjirboppe is in opstel fen ien fen syn learlingen, Fintsje v. d. Meer. Dêr kinne ús lêzers út sjen ho fier it mei de bern to bringen is yn in pear winterhealjierren. Wy jowe it wirk krekt sa't it levere waerd, dos mei de flaters der yn. Moast nou net ider Frysk bern it minstens like fier brocht hawwe?

A. M. WYBENGA.



Satanswird.

Dû scilst as God wêze.

Gen. 3 : 5b.

— Hat God dat wird mei wierheit hjitten?

Is den for jim allinne it litten

De kjeld fen 't liddich hinnegean?

Is alle beam for jim gjin spize

Ho neamt Er dit den 't paradize,

In oard fen sjen en net forstean!

Biloaits dy beam yn bloei fen 't hege;

Hat hy net om jim herte frege?

Sjuch 't glimkjen fen syn farske frucht,

In lust foar 't each, in liet yn 't libben,

Oan witnis' djippe boarn bisibbe:

Yt jimme frij, 't is plicht en rjucht.

Jim scille tsjen nei heger kriter;

God wit it, fen syn fruchten t' iten

Is jim 't geniet fen 't fiere sjen.

Nou bin jim berntsjes, leauwe en bûgje,

Mar den scil witnis 't wûnder tsjûgje:

Jim ha de doek foar 't each forlern.

Jim scil as God yn hegens wêze,

De swierste heimnis froalik lêze,

De kennisse fen Goed en Kwea,

De Majesteit fen dei en flûnker,

It huverskaed fen nacht en dûnker;

Jim binne mânsk yn Djipte en Dea.

Jim geast scil jimmer fierder siikje
 En sterker scil jim d' livge lykje,
 Jim foet stiet nêst de troan fen God;
 En strieljend fen 'e himelgloede
 Ha jim jimm' hert yn hege hoede
 As selsbiskikkers fen jim lot.

Sa stiiht de minske op goudne troane,
 Sa draegt syn holle in pearlekroane;
 Oan God yn al Syn macht allyk
 Hoecht inkeld hy nei eigen wetter
 Syn glânzjend riizge siel to setten:
 For him 't Hielal as keningryk.

Ik sjuch se kommen, jier op jierren:
 Jim ljocht oerstrielet moanne en stjirren,
 Jim sjen is sudersinne by,
 En yn 'e priel fen mear as wielde,
 O witnisminsk, dû dreechbidielde
 Bist ryk en great en sterk en frij! —

Do seach de minske it prieljend pronkjen,
 It waerd him as in hetsich lonkjen
 In flaikjend wieljen foar syn each,
 Bigearte woeks yn siddersiele
 En fen in wylde langst trochstriele
 Forbriek hy hwent hy miende as beach.

En Adam seach en Adam fielde
 De dûzel fen de sikerswielde
 It smachtsjen nei in heimich heech;
 Syn each seach op yn iepen fierten
 Yn 't mear as Paradyslik-witten,
 Yn 't riizjen út in hounsk omheech.

Hy iet en — wist. Do fielde er
 Op 't sté fen stiigjen d' Alfornielder
 De doarmersdining fen de dea.
 Hy seach it Goede — yn 't fen him wiken,
 Hy taeste it Tsjoede — yn 't selsbiswiken;
 Yn 't Lokforgean sloech him syn kwea.

Sûnt is de minsk syn Libben bjuster,
 Sûnt swalket hy mids helletsjuster
 Oer skerpe toarn en steile stien;
 Gjinn ljocht fen lok yn 't hymjend herte
 Mar himelhege hellesmerte,
 De Nacht is oer syn Jammer gien.

En jimmer rûst it yn syn earen:
 — Bistû net as de Hêar der hearen?
 Bist', Kening, hjir dysels ta spot?
 Bistû mei eigen steat forlegen
 Gean op, riizje op, de siele omhegen
 Scilstû net greater wêze as God? —

Hy grypt — mar 't nei de himel kliuwen
 Is him nei dûnkre Djipte driuwen,
 Yn tûzen striden falt er del.
 Hy Dichter, Skepper, Prins der eare
 Hy, prielje wollend as de Heare,
 Wirdt wei yn lôgen fen de Hel.

Syn deugden tarre wei ta sounen;
 De blommen fen syn bêste stounen
 Binn' blinkende alsem, hjit fenyn,
 As God! en hearskjen is syn winske
 As God! de Hege oer ierde en minske;
 't Hat him de Kolk fen smerten yn.

It bliuwt him 't rinnend fjûr yn d' ieren
 It roppet him mei woaste gieren,
 It is syn ûnk, syn boaleswird;
 De Tsjoede barnt him yn 'e siele
 Scil him yn d' iivge nacht forniele, —

— — — — —
 Dat is dyn wirk, o Satanswird!

A. M. WYBENGA.

„Bist der nou al? rôp syn mem, do't se him yn 'e gang omknof-feljen hearde. Hwet wier er yntiids! Dat wier se oars net wend.

Pibe sei neat do't hy der ynkaem, en syn mem seach daliks wol det der hwet oan skeelde.

„Hwet is der oan,” frege it minske forheard, do't se syn wyld gesicht seach. It iene like by 't oare to kommen. Sa krekt hie dokter wer by lytse Hanke sjoen. Hy hie hjar sa oandachtich ûndersocht. Hja miende wol oan him to fornimmen det it der neat to bêst foarstie. En hwet moast dit nou mei Pibe bitsjutte? „Hwet skeelt dy, myn jonge?”

„Neat!” sei Pibe, en gyng by de tafel sitten. Do koed er it net langer úthâlde. Hy gyng mei de holle op 'e hannen lizzen en snokte it út.

Mem gyng deun by him stean. Hja lei him de hân op 'e holle, en liet him stil útgûle. Dat koe him forlichting jaen, tocht se.

Yn ienen, mei heftich biwegen gjalpte Pibe it út: hja miene det ik stellen ha,” en hy bigoun wer to skriemen.

Stellen, stellen, gyng it troch frou Zeylstra hjar brein, Pibe stellen! Né, dat woe hja sa net ha, dat koe net wier wêze.

„Hwa sizze soks, myn jonge?” Hja krige him by 't skouder. De triennen kamen hjar yn 'e eagen.

„Jelle!” 't Wier as in gjalp fen wanhope.

Dit andert jowt frou Zeylstra in bytsje moed. It scoe jongespraet wêze. Hja lit Pibe earst yette fierder ta bidarjen komme. Sa aenstouns, den scil hy it wol better forhelje.

Hja giet wer nei 't bêd en bistoppet lytse Hanke, dy't yn hjar woeligens ûnder de tekkens wei wrotten is.

Pibe bigjint to kalmearjen. Nou't syn mem eat fen syn fortriet wit, makket dit him rêstiger. Mem scil 't ommers wol leauwe wolle, as hy hjar útleit det hy net in dief is.

Wirdt foartset.

BOEKETAFEL.

Nieuwe Friesche Spraakkunst in opdracht van het Selskip for Fryske tael- en skriftenkennisse bewerkt door O. H. Sytstra en J. J. Hof. Uitgave van R. van der Velde, Leeuwarden (Priis f 2.50, yn-boun f 3.25).

Yn 1889 kaem de Beknopte Friesche Spraakkunst fen van Blom

yn 't ljocht. Dat wier grounlizzend wirk en hat in swidenden frucht oplevere. It Frysk, dat oant dy tiid nuvere bûnt optakele de wrâld ynstapte, kaem foart oan hwet kreazer oanklaeid en fêster op 'e gong foar 't front.

Doch bliek by 't gebrûk fen dizze stúdzje det alles noch net like goed útwirke wier. Dêrfor wier ek it bistek rom lytsernôch. Nou leit wer in tiidrek fen 35 jier efter ús, hweryn de tael de wirking fen de tiid gâns ûndergien hat. Elk, dy't him op 'e tael útleit, fielt him mei it gebrûk fen van Blom net folslein mear bifredige.

It Selskip for Fryske tael- en skriftekennisse dat al safolle for ús âlde tael dien hat, droech dêrom oan in pear fen syn kindichste leden, de hearen O. H. Sytstra en J. J. Hof op, om in mear útwirke Spraekkinst for ús tiid gear to stallen. Dit wirk wier oan dy mannen wol tabitroud. Hja hawwe hjir in dreech stik wirk levere, dêr't binammen hjarren kennisse fen it âldfrysk út blykt en teffens det hja in iepen each hawwe for de libbene omgongstael.

't Is for ús om lyts to wurden by dit stúdzjewirk. Lit de fryske skriuwers hjar kennisse fen ús tael marris hwet opfrisje mei it bistudearjen fen 'e regels en oanwizings yn dit boek oanjown.

Hwet binammen oan dit wirk sa'n greate wearde jowt is de hûndert blêdsiden greate idiomatyske wirdlist, dy't op it spraekkinstich diel folget. Hjir is yn alphabetyske folchoarder gearsamle hwet de skriuwers yn jierren en jierren fen neisneupen byinoar fandelen. Dêr is yn opnommen alle wurden dy't yn foarm ef (en) bitsjutting in frij sterke ôfwiking mei it Nederlânsk sjen litte ef dêr hielendal net yn foarkomme, alle wurden dy't yn in oar sinsforbân as yn 't Nederlânsk steane en fierders alle wurden dy't yn 'e spraekkinst om hjar bitsjutting oanhelle waerden. In rike boarn for elts dy't syn eigenfrysk as de suverens opdjipte wol.

Dochs is der in fraech by my opkommen. Hie dit wirk net lyk as de Lytse Spraekkinst fen Postma en de Clercq folslein yn ús eigen tael skreaun wurde kinnen? Ja, as 't om 't debyt net lije koe, den scil ik swije. Mar der moast dochs yn elts gefal in lyst mei fryske spraekkinstige bineaming oan it wirk tafoege w&ze, scoe 'k sizze.

Lit nou elts dy't yn eigen tael bilang stelt dit boek oanskaffe en bistudearje. Wier 't oan dizze tiid ta van Blom dy't oanhelle waerd by it grammatikale, foart oan scil it wêze: Sytstra en Hof.

A. M. W.

Durk hie ek noch net faek op it sweefding sitten, mar hy hold him goed. Ho't Jan ek bisocht om him ek oan 't hâldop-roppen to krijen, it woe net slagje. Wit-ho-heech sweefde er yn 'e skûrre om, skean oer by tiden, mar hy redte it om himsels to bliuwen.

„Ophâlde,” ornearre Jelle op 't lêst, „dû hast dy better hâlden as Jan, hear!” Jan biet efkes op syn lippen, mar sei neat.

Mei Jelle wier der neat to rêdden. Die hie sa faek alris toutere, hja koene it net sa bryk úthelje det hy der oars as oars fen waerd.

Op 't lêst wier 't nocht fen it touterjen ôf en panderen se nei de skûrside. Dêr kamen se boer Sânstra foarby.

„Hwer scil dit hinne?” frege de boer.

„Efkes wannelje, heit,” die Jelle wichtich.

„Nou, jim moatte mar net to fier rinne, scoe 'k sizze. Wy koene wolris swierwaer krije.”

Wirdt foartset.

BOEKETAFEL

De greidekultuer. In Hânboek oer it oanlizzen en ûnderhâlden fen 'e Greide troch A. Rauwerda. Mei tal fen teikeningen en foto's. To Snits by Brandenburgh en Co. — 1925.

De Fryske boer is ien mei syn lân en syn fé. Syn bisit is faeks âlders-erf, jowt him syn brea en bisoarget him hopelik in rêstige âlde dei.

De boer fen nou hat dit foar by heit en pake: hja seagen it gêrs for gêrs en de klaver for klaver oan en dêrmei wei, mar hy kin witte fen 'e soarten fen gêrs, fen it bêste, it minder goede en it minne. Ek fjurret hy it lân hiel oars oan as de foarfaer. Ho't hy soks op it foardieliichst dwaen kin, wol dit boek him oanwize. Ik bin der bliid om det wy dêr nou ekris hwet yn ús eigen tael, en hjir sa moai sûnder wittenskiplike heechheden, oer lêze kinne. De skriuwer jowt blyk det hy it net *allinne* fen de theory forwachtet, hwent den kin men yen lilik forsinne, mar det faken de praktyk útwizing dwaen moat, dy't op syn bar de theory wol bifêstigje kin.

Lit nou alle fryske boeren hjar hert marris ophelje oan dizze yngeande stúdzje yn maklike wurden oer sa'n foarnaem part fen hjar bildriuw.

A. M. W.

Ho joech nei iens'me toarn my hjar
 Ljocht wêzen sinneskyn.
 Allinne wer ik mym'rje mar:
 Hwet stapt nou strak wer yn?

En aenstouns bin ik oan it ein,
 Dêr 'k sa hird hinneryd.
 Ik tink: kaem mar ien yn 'e wein,
 Mei 't selde fiere wyt.

Gr.

J. S. K.

BOEKETAFEL.

Bodders yn 'e Fryske striid fen Dr. G. A. Wumkes. Frysk-Nasjonal Utjefte mei mear as 100 printen. Boalsert — A. J. Osinga — 1925. Proefbôge.

Proefbôge dat wol sizze: it giet troch. Lang ha wy der net útsjoen, der for wirke, en nou is 't safier det der wissichheit fen is: dit alderbilangrykste wirk fen D. Wumkes komt yn 1925 noch út. Lit ús Osinga ús tankbrens bitoane mei it wirk to keapjen.

Wy witte fen ús Skiednis sa goed as neat. Hjir is in bulte forsûm yn to heljen. Mei ynmoed jowt Dr. Wumkes him ta dit hearlike wirk. Hy is de man dy't de histoaryske persoanen for ús libje lit. Dat ha wy sjoen yn syn Fryske Reveil. En nou wer yn syn Bodders, in byldengallerij fen Fryslâns heechsteande mannen. It begjin is by de sjonger Bernlef, it ein by de strider Huismans. Is 't net eft de sang fen ús skiednis oergean moat yn 'e striid fen it hjoed?

Yn 'e proefbôge wurde Gysbert Japiks en Johannes Hilarides nei foaren brocht. Hjir kin men út merkbite det Dr. Wumkes net allinne de gelearde mar ek de Christen is. Hy hat it oer de libbensskiednis fen de dichter: Hat dêr yn syn binnenst in striid pleats foun twisken himel en ierde, dy't útroun op in bikearing? Hat er de wrâld de rêch takeard en him jown ta God?

Dat is just it moeilike yn ús Skiednis, mar in inkeld Christengelovige hat him jown ta de hegens fen it Fryske ideael. Gean dizze acht en fyftich mannen nei, en jim scille mar in inkeld geastesbisibbe fine.

De styl fen Dr. Wumkes is bikend: wurden mei ynhâld.

A. M. W.



Bitrou dyn leed by minsken net.

Bitrou dyn leed by minsken net:
Hjar fingertaest docht rou en sear,
Wringt wreed dyn ynlik fielen gear
By kâlde laits om sielesmert;
O siz dyn leed by minsken net.

De dûnkrens dizet oer dyn paed:
Gjin minske dy't dyn liet forstiet,
De sizzing fen dyn wiid fortriet;
Sa wannelst' fen dyn sibben skaet;
O wêz net moeilik op dat paed.

Dû hearst' by 't swalkjen yn dit lân
Safolle skimp fen húnjend wird;
It docht dy sear, it fielt dy hird;
As't stiest' allinne as ûnforstân:
Stean dochs net moedleas yn dit lân.

De wredens dript dy fjûr yn 't hert
Yn wounen skramd fen hirde tael
By 't wiken fen dyn ideael
Fen frjeonehân en -wird forret, —
Gean mei dyn klacht nei minsken net.

O hâld it hoeden yn dyn hert;
Al krimpstû fen dyn wêdom gear
En witst dy sels sa fyn en tear,
O hâld dyn triljen yn dyn hert
En siz dyn wird oan minsken net
Mar oan in Heit, dy't wit en heart.

Dyn Heit omheech, dyn himelfrjeon
 Forstiet dyn striid en sielesucht,
 Biskermet dy mei 't hillich Rjucht;
 En bist' fen ierdebern fortreaun
 Dyn Heit omheech is himelfrjeon.

Bitrou dyn leed by minsken net,
 Mar bring it by de himeltroan,
 De Heit forstiet Syn bern sa skoan
 En sjucht dy mei ûntfermjn oan.
 O, siz it yn in stil gebet
 Oan Heit omheech dy't ljeavjend heart
 En al Syn bern út djipten redt.

A. M. WYBENGA.

Us tael en ús bern.

It stiet wol fêst, det de takomst fen ús Frysk nasjonale biweging hwet oanbilanget de taelstriid, ôfhingje scil fen de fraech ho it jonge opgroeijende slachte hjar hâlde scil.

Al it bodzjen for de Frysk nasjonale tins yn syn breedste bifieming en djipste utering scil gjin fortuten dwaen, hwennear net ús jonges en famkes fen nou, strak de taek oernimme dy wy op ús nomd hawwe. Wy hawwe dat dien yn it djippe bisef, det it in hillige taek is, hiel it Fryske folkslibben op to easkjen for God, Dy ek ús folk en tael skepen hat.

Dy taek is net licht. Swier drukt hja faken ús op 'e skouders. En wy witte it by ûnderfining det ek ús bern in swiere, moeisume striid wachtet.

Wy moatte hjar der foar ré meitsje. Ut ús hannen moatte hja it findel oernimme. Ek derom is it ús plicht, ús bern op to fieden ta it greate doel, dat God dêr steld hat, do Hy de minske ta it oansjen rôp.

Dat wyt omskriuwt Prof. Dr. H. Bavinck sa ynmoai as er seit: „It ideael fen in Kristlike opfieding, yn hûs, yn legere, middelbare en hegere skoalle is wiereftige godsfrucht, organysk forboun mei